LEEUWARDER COURANT

27 januari 2012 , pag. 4

DWERS

pieter degroot

Wyldeboel

It Frysk hat per definysje in swak lûd. Te min minsken prate it, te folle ferbrekke har. En de jongerein? As it yn 'e fierte noch mar wat nei it Frysk útskaait, dan is der al reden om in gat yn 'e loft te springen. Ek foar de Afûk, dy't ús sûnt 1928 it paad wiist. Ik hear de âlde perfester Buma yn syn grêf protteljen: 'Nea en te ninter in sin mei ek begjinne, dat is op hals en kiel ferbean!' Dat ik besykje it opnij: de Afûk is ek... No ja, gjin begjinnensein oan. Tiden feroarje en talen feroarje mei.
Yn de foarige ieu hat de Afûk noch lang war dien om in taalnoarm fêst te hâlden. As it my net mist, wie it Eppie Dam dy't as earste de kneppel ûnder de hinnen smiet, om't syn teksten troch de korrektoaren ûnbegryplik makke waarden foar de

Der mei in protte yn âlde en nije media

bern dêr't se foar ornearre (= bestimd, net te âldfrinzich asjeblyft!) wiene.
Dy aksje hat holpen. De Afûk is mei de tiid meigien en hat no klauwen om 'eigentiidsk' te bliuwen. Yn it nije beliedsplan 2012-2016 wurdt 'ynset' op de sosjale media. De winsk is dat yn 2016 op syn minst in treddepart fan de Fryske befolking yn 'e kunde kommen is mei de nije media fan de Afûk. Dat neam ik nochris ambysje toane!
Oan de taalnoarm wurdt gjin syllabe wijd. Weiwurden? Yn alle gefallen gjin halssaak mear, lykas earder. Der mei in protte yn âlde en nije media. Yn Lyts (mar krigel) Frisia besaut âld-Afûkfoarsitter en purist Sytze Hiemstra him oer de 'noarmative wyldeboel' yn Afûkútjeften, dy't 'de poaten ûnder de stoel fan it Frysk wei seaget'.
Hy hat slim argewaasje fan alderlei Hollânske ynslûpsels. Dat yn it nije Frysk Hânwurdboek dy ynslûpsels opnommen binne mei in (H), mei neffens him net ynhâlde dat men dy wurden brûke mei: „bgl. Gefangene (H) hw. finzene. Net brûke dus, sok ûnrant.'' Dat is noch mar in ûnskuldich koweblomke: ik wol leauwe dat de jeugd fan tsjinwurdich it wurd 'finzene' net iens mear ken, sa binne gefangene en gefangenis al ynboargere.
De fraach is oft dit efterhoedegefjocht (achterhoedegefecht?) noch wol te winnen is – ik bin bang dat it de ambysje fan de Afûk ûnderstek docht en wy fan de rein yn 'e drip reitsje. Dat nimt fansels net wei dat der driuwend ferlet is fan nije hânwurdboeken F-N en N-F, in Frysk grien boekje en in Fryske spraakkeunst, dy't alle fjouwer konsekwint deselde regels oanhâlde om dejingen dy't der noch muoite foar dwaan wolle, te geriven. Al binne it de lêste fan 'e Mohikanen. Akademy, doch jo wittenskiplike plicht!

> pieterjan.de.groot@planet.nl